

**Ferslach fan de Steatekommissje
fan 21 maaie 2025 om 19.00 oere**

yn it Provinsjehûs

Oanwêzich:

De Steateleden:

K. van der Velde-Ronda (foarsitter)

A.D. Aalberts (CDA), G. Bos-Jonkman (VVD), S.M. de Jong-Snip (PBF), J.F. Goede (SP), H.J. Graansma (PVV), T. Hemstra (FNP), E.P. van der Hoek (GrienLinks), C. Keuning (BBB), F.E.M. Kosse (PvdD), M.A.H. Kruis (CDA), C.M. Kuipers (GrienLinks), S.S. Land-Dotinga (FNP), G.H. van der Mei (FNP), C. Oosterbaan (PvdA), D. van der Weijde-Hoogstad (D66), H. Wiegersma (BBB), K.J. Zwart (PvdA), W.M. Stalenburg (PvdA), J.W.F. Graansma (PVV), N. Nauta (BBB), F.R. Abma (BBB), D. Helfferich-Zijlstra (BBB) en A.S. Visser-van der Zijde (FNP)

De kommisjeleden:

A. Dijkstra (Steatelid Van Dijk), L. Ettema (PVV), H.R. Kuiken (SP), R.M. Koster (Steatelid Jonker), R. Oenema (JA21), A. Speel-Bakker (PBF) en J. de Vries (VVD).

Sekretaris:

N. Holtrop (Steateadviseur)

Deputearre Steaten:

R.F. Douwstra, E. Folkerts, S. Knol, A.W. Kooistra, M.A.C. de Vries

Koart ferslach

01. Iepenjen en fêststellen fan 'e wurklist

De foarsitter iepenet de gearkomste en hjit elkenien wolkom. De wurklist wurdt sûnder wizigings fêststeld.

02. Meidielings en Omfreegjen

Der binne gjin meidielings en der wurdt gjin gebrûk makke fan it omfreegjen.

03. Nijs út it IPO

Sprekkers út namme fan de fraksjes en it kolleezje

T. Hemstra (FNP), E.P. van der Hoek (GrienLinks), R.F. Douwstra (Deputearre).

04. Brief DS: Werstelprogramma Bioferskaat

Koarte gearfetting

De brief fan DS mei taheakke de jierrapportaazje 2024 en jierplan 2025 fan it Werstelprogramma Bioferskaat is ta kundskip oan jo Steaten stjoerd. Op 26 maaie 2021 is troch Provinsjale Steaten it Werstelprogramma Bioferskaat fêststeld en is de útfiering úteinset. It programma hie in beëage rintiid o / m 2023 mei in ûnderlizzend budzjet fan € 3 miljoen.

De agindakommisje fan Provinsjale Steaten hat besletten om de DS brief te agindearjen foar de kommisjegearkomste fan jûn. By dit ûnderwerp is gjin beslút tafoege.

Sprekkers út namme fan de fraksjes en it kolleezje

K.J. Zwart (PvdA); J.F. Goede (SP); C.M. Kuipers (GrienLinks); F.E.M. Kosse (PvdD); G. Bos-Jonkman (VVD); H.J. Graansma (PVV); R.M. Koster (Steatelid Jonker); M.A.C. de Vries (Deputearre).

Tasizzings

Deputearre De Vries docht de neikommende tasizzings:

- De evaluaasje fan it Werstelprogramma Biodiversiteit komt werom yn Provinsjale Steaten.
- De proposysje / it lobbydokumint wat nei alle leden fan de Twadde Keamer ferstjoerd is, wurdt ek oan de Steaten ferstjoerd.
- Om yn de brede sesjes mei de stjoergroep stil te stean by de boarging en om te kommen ta in ferfolch op it programma yn 2026 en dat ek oan Provinsjale Steaten ta te stjoeren.

Ferfolch

De kommisje jout it advys om it útstel as Besprekpunt yn de gearkomste fan Provinsjale Steaten fan 28 maaie 2025 te behanneljen.

5. Tuskenbalâns Bestjoersakkoart Oparbeidzje foar Fryslân

Koarte gearfetting

Twa jier lyn presintearre de koällysje it bestjoersakkoart 2023-2027 mei as titel: 'Oparbeidzje foar Fryslân'. Dat akkoart foarmet de basis fan it provinsjale belied en wjerspegelet de ynset foar in provinsje dêr't brede wolfeart, gearwurking en betrouwen sintraal yn steane. Yn it bestjoersakkoart hat it kolleezje ek ôfpraat om healwei de periode te sjen hoefier't sy binne mei it heljen fan de doelen. Dizze tuskenbalâns is it resultaat fan dizze ôfspraak. Mei de tuskenbalâns jout it kolleezje ynsjoch yn de foartgong fan de ambysjes.

It kolleezje sjocht yn de fuortgong fan de resultaten gjin oanlieding om de doelen út it Bestjoersakkoart oan te passen. Dêrom stjoere sy jo de tuskenbalâns as taheakke by de agindearre brief ta. De agindakommisje fan Provinsjale Steaten hat de tuskenbalâns agindearre foar dizze kommisjegearkomste. Hjirûnder leit gjin beslút wat nommen wurde moat yn de gearkomste fan Provinsjale Steaten.

Sprekkers út namme fan de fraksjes en it kolleezje

C. Keuning (BBB), G. Bos-Jonkman (VVD), R. Oenema (JA21), R.M. Koster (Steatelid Jonker), F.E.M. Kosse (PvdD), D. van der Weijde-Hoogstad (D66), C.M. Kuipers (GrienLinks), J.F. Goede (SP), C. Oosterbaan (PvdA), J.W.F. Graansma (PVV), E. Folkerts (Deputearre), R.F. Douwstra (Deputearre), S. Knol (Deputearre) en M.A.C. de Vries (Deputearre).

Ferfolch

De kommisje jout it advys om it stik ta te foegjen oan de ramtnota en yn de gearkomste fan Provinsjale Steaten fan 25 juny 2025 te behanneljen.

06. Startnotysje Havenfyzje

Koarte gearfetting

Mei it opstellen fan de havenfyzje jout DS ynfolling oan de moasje id. 2.969 dêr't yn frege wurdt om: 'Mei alle belanghawwenden in yntegrale fyzje 'Havennetwurk Fryslân' op te stellen. As tarieding fan de yntegrale Havenfyzje is in startnotysje opsteld.

Oan PS wurdt útsteld om:

1. De Startnotysje yntegrale havenfisy Provinsje Fryslân fêst te stellen.

Sprekkers út namme fan de fraksjes en it kolleezje

J.F. Goede (SP); H.J. Graansma (PVV); D. Helfferich-Zijlstra (BBB); A.S. Visser-van der Zijde (FNP); J. de Vries (VVD); R.M. Koster (Steatelid Jonker); F.E.M. Kosse (PvdD); D. Van der Weijde-Hoogstad (D66); E.P. van der Hoek (GrienLinks), H.R. Kuiken (SP); W.M. Stalenburg (PvdA); M.A.C. de Vries (Deputearre); R.F. Douwstra (Deputearre).

Ferfolch

De kommisje jout it advys om it útstel as Besprekpunt yn de gearkomste fan Provinsjale Steaten fan 28 maaie 2025 te behanneljen.

07. Omfreegjen en sluten

Der binne gjin punten foar it omfreegjen.

De foarsitter slút de gearkomste.

Foar in folslein ynhâldlik ferslach wurdt ferwiisd nei it byldferslach op de provinsjale webside ([link](#)).